

LEDEGEARKOMSTE
" DE F R Y S K E S K O A L L E "

^^^
^^^

Goutum, 9 septimber 1957.

Oan de leden.

Op sneon 21 septimber 1957 sil de middeis om healwei trij-
en yn it Kunstsintrum Prinssetún to Ljouwert in ledegearkomste hâl-
den wurde fan de foriening "De Fryske Skoalle".

It bistjûr ropt alle leden op om dy gearkomste by to wen-
jen, mei't dêr foar ús foriening wichtige dingen bihannelle wurde
sille.

Hjirby stjûrt it bistjûr Jo ta it forslach fan de wurksum-
heden fan de foriening "De Fryske Skoalle" oer it tiidrek fan
septimber 1955 oant septimber 1957.

It programma sjocht der sa út:

- * 1. Iepening troch de foarsitter, de hear W.J. Nijenhuis fan
Gietsjerk.
- * 2. Ynkommen stikken.
- * 3. Bisprek fan it forslach fan wurksumheden, dat de leden
tastjûrd is.
- * 4. Forslach fan de skathâlder, de hear U. Bottema fan Ljou-
wert, oer de finânsjes fan de foriening.
- * 5. Forkiezing fan in definityf bistjûr.
- * 6. It haed en de ûnderwizeres fan de twa-talige kristlike
skoalle to Easterein sille fortelle oer de praktyk fan
it jaen fan twa-talich ûnderwiis oan har skoalle.
Opnamen op in lûdbân sille ta illustraesje tsjinje.
- * 7. Rounfrage.
- * 8. Sluten.

Yn it gebou sil in útstalling wêze fan de kolleksje Fryske lear-
middels en lêsböeken foar de bern, dy't it bisit is fan ús forie-
ning.

Yn it kunstsintrum is 21 septimber in útstalling "Ald Ljouwert",
dêr't û.o. âlde foto's, printen en skilderijen to sjen binne.

It bistjûr fan "De Fryske Skoalle" trunet de leden oan dizkear
de ledegearkomste by to wenjen. Net faek is it bistjûr de leden
lestich mei gearkomsten, dat it woe graech, dat dizkear alle leden,
dy't by steat binne to kommen, de ledegearkomste bywenje woene.

Mei heechachtinge,

T. Sudema-Mulder, skriuwster.

Wy soene tige graech it stipersjild oer 1957 fan de leden, dy't
noch net bitelle hawwe, oerskreaun hawwe wolle op it gironûmer
616732 fan de skathâlder U. Bottema, Suderplein 43 to Ljouwert.

Mochten Jo leaver tsjin in kwitânsje bitelje, dan sille wy dêr
mei in fjirtjin dagen gelegenheit ta jaen. Hwa't dan net oer de
giro bitelle hat, krijt troch de post in kwitânsje oanbean mei in
kwartsje ynbarderskosten.

Forslach fan de wurksumheden fan de foriening "De Fryske Skoalle" oer it tiidrek fan 17 sept. '55 oant 1 septimber 1957.

It ûnderwiis oan de legere skoallen yn Fryslân hat al tsientallen fan jierren ûnderwerp fan diskusje, stúdzje en aksje west, fanwegen it feit, dat it ûnderwiis hjir gelyk wie, en foar it fierwei greatste part noch is, oan dat op alle legere skoallen yn Nederlân, wylst dochs in great part fan de Fryske bern op skoalle komt mei kennisse fan en feardichheit yn in oare tael as de fiertael op'e skoallen. Paedagogyske, didaktyske, maetskiplike en kulturele aspekten waerden oan dit probleem ûntdutsen. De iene lei de klam op it wolwêzen fan it bern. Oaren seagen de rêdding fan de Fryske tael en de Fryske kultuer yn it ûnderwiis yn de eigen tael op de skoallen. Noch wer oaren woene de saek litte sa't er wie fanwegen de Nederlânske ienheit en it feit, dat de bern har binammen en fral mei de rykstael rêdde kinne moasten.

Fierwei it greatste part fan it Fryske folk hâldde him bûten alle diskusje oer de fiertael by it ûnderwiis, toande der gjin bilangstelling foar. Sels it tal ûnderwizers, dat him jaen woe yn it spesiale ûnderwiisprobleem yn Fryslân, wie gâns makliker to tellen as de learkrêften, dy't nea, alteast net foar oaren fornimber, har tinzen gean lieten oer de fiertael op de legere skoallen yn Fryslân.

Doe't lykwols yn 1937 artikel 2 fan de Leger-ûnderwiiswet útwreide waard mei:

"Daar, waar naast de Nederlandse taal een streektaal in levend gebruik is, kan onder lezen en Nederlandse taal enige kennis van die streektaal begrepen zijn", brûkten forskeidene skoallen yn Fryslân - mar lang net alle gearre - dizze kâns om de bern yn de heechste klassen les to jaen yn it lêzen en skriuwen yn de bern har memmetael. It hinged fan de ûnderwizer ôf, hwat de bern yn dizze lessen fan it Frysk opstieken.

Yn maeije 1955 lykwols waard de skoalledoar wiid iepen set foar it Frysk as fiertael en learfak, dat sûnt ûnder eigen namme op it lesroaster forskine kin. De saneamde wet-Cals makke it mooglik it fak Fryske tael to ûnderwizen, wylst it Frysk as fiertael by it ûnderwiis brûkt wurde koe to'n heechste oant en mei de tredde klasse fan de legere skoallen.

De legere skoallen yn Fryslân krigen hjirmei it frij om it Frysk as fiertael en learfak yn to fieren, mar hja hoegden net. De lju, dy't sûnt jierren pleite hiene foar it Frysk as forplichte fiertael en learfak, krigen har sin net.

Nei it oannimmen fan de wet-Cals troch de folksfortsjinwurdiging is de situaesje dus sa, dat it alhiel ôfhinget fan gemeentebistjûren (hwat de iepenbiere skoallen oanbilanget) en fan de skoallebistjûren (as biwâld oer de bisûndere skoallen) oft in skoalle oergean sil ta it ynfieren fan twa-talich ûnderwiis of net.

Yn de praktyk komt dit hjir op del: as de âlden fan de bern op in bipaelde legere skoalle twa-talich ûnderwiis foar har bern bigeare, dan sille hja in forsiik dêrta rjochtsje oan it gemeente- of it skoallebistjûr. De ynspeksje foar it leger ûnderwiis sil dan war dwaen de mooglikheden to skeppen foar dy skoalle om oer to gean op twa-talich ûnderwiis.

Binne de mieningen ûnder de âlden of de gemeenteriedsleden of de leden fan it skoallebistjûr fordield, dan kinne hja in birop dwaen op de "Provinciale Adviescommissie gebruik Friese taal bij het onderwijs", ynsteld troch Deputearre Steaten fan Fryslân. Dizze kommisje, dêr't deskundigen op ûnderwiisgebiet sit yn hawwe, jowt in ûnôfhinklik adfys. It frij bliuwt om dit adfys al of net op to folgjen.

Mooglikheden skeppe docht ek it Paedagogysk Wurkforbân fan de Fryske Akademy. De opliedingen foar de middelbere akte Paedagogyk A en B fan de Fryske Akademy binne der mei op rjochte om kader to krijen ûnder it ûnderwizend personiel yn Fryslân. Bistudearring fan it forskynsel fan de twa-talichheit falt yn it bisûnder ûnder de stúdzje foar akte B.

Mooglikheden skeppe hawwe ek de Fryske Underwiisrie en de haedynspeksje foar it leger ûnderwiis dien troch it ynstellen fan de sa-neamde proefskoallen foar twa-talich ûnderwiis as in offisjeel experimint om mei de erfaringen, opdien oan dy skoallen, de twa-talige skoallen, dy't der op groun fan de wet-Cals komme soene, fan adfys tsjinje to kinnen. Dit experimint is ûnder de hân ôfsletten en de eardere proefskoallen binne nou ek twa-talige skoallen yn de sin fan de wet-Cals.

Dizze organisaesjes en kommisjes, dy't har dwaende hâlde mei it twa-talich ûnderwiis, bimuoije har mei de skoalle en/of mei de learkrêften, mar der ûntbriek in organisaesje, dy't har rjochtsje koe ta de greatste kategory bilanghawwenden by de skoallen: it Fryske folk en binammen de âlden fan de skoallebern, mei yn- en foarljochting oer hwat de wet-Cals mooglik makke hat foar it ûnderwiis oan de bern.

Om dizze taek to folbringen is op 17 septimber 1955 yn it kunstsintrum Prinsetún to Ljouwert oprjochte de foriening "De Fryske Skoalle".

In tariedingskommisje hie dizze gearkomste bilein, dêr't de oanwêzigen fuort bisleaten ta de oprjochting. Yn de earste dagen nei de oprjochtingsgearkomste waard it foarlopich bistjûr gearstald, besteande út de hear W.J. Nijenhuis, Gietsjerk, foarsitter, mefrou T. Sudema-Mulder, doe to Lekum, nou to Goutum, skriuwster, de hear U. Bottema, Ljouwert, skathâlder, en de leden de juffers T. Bonsma, de Pein, L. Plantinga, Ljouwert en J. Peanstra, Eastermar, en de hearen ds E. Daalder, doe to Damwâld, nou to Grins, A. Kornelis, Easterein, G. de Vries, Wolvegea, W.H. de Vries, de Jouwer en D. Woudstra, Seisbierrum.

Juffer Bonsma hat foar it bistjûrslidmaetskip bitanke, wylst ds Daalder syn bistjûrslidmaetskip dellizze moast fanwegen syn forfarren nei Grinslân. Juffer Peanstra hat nea in bistjûrsgearkomste bywenne, dat it deistich bistjûr nimt oan, hja hat gjin priis steld op in sit yn it bistjûr.

De oare bistjûrsliden foarmje noch it foarlopich bistjûr fan de foriening "De Fryske Skoalle".

Op 5 oktober kaem it bistjûr foar de earste kear byinoar. De foarsitter hie foar dizze gearkomste in plan fan aksje opsteld, dêr't er yn útstelde de yn- en foarljochting oer it twa-talich ûnderwiis yn Fryslân gemeentegewize oan to pakken. Yn elke gemeente yn Fryslân soe in gearkomste hâlden wurde moatte foar de leden fan it kolleezje fan b en w, fan de gemeenteried, ûnderwiiskrêften en âlden fan skoallebern, dêr't "De Fryske Skoalle" it programma fan forsoargje soe mei ûnderwiisdeskundigen as sprekkers en mei as illustraesje in lûdbân, opnommen ûnder de lessen op in twa-talige skoalle, en in útstalling fan Fryske learmiddels. Op dizze gearkomste waard û.o. bisletten, dat de foriening oanbiede soe programma's to forsoargjen foar âlderjounen, gearkomsten fan ûnderwizers ensfh.

It bistjûrslid G. de Vries naem kontakt op mei de útjowers fan Fryske learmiddels. It resultaat wie, dat dy útjowers "De Fryske Skoalle" forgees de biskikking joegen oer in frijwol folsleine samling learmiddels foar de legere skoallen yn Fryslân. Foar dezze jeften is it bistjûr de útjowers tige tankber.

Foar it oanskaffen fan in lûdbânapparaet foun de skathâlder in finansieringsmooglikheit, dat ús foriening koe al moai gau nei de oprjochting sa'n apparaet keapje.

De earste gemeentlike gearkomste is hâlden yn Drachten foar de gemeente Smellingerlân op 30 jannewaris 1956. De opkomst wie goed en it risseltaet wie it oprjochtsjen fan in gemeentlike kommisje, dy't it twa-talich ûnderwiis yn Smellingerlân bifoarderje soe. Troch ûnderskate omstannichheden is der fan de wurksumheden fan dizze kommisje oant nou ta neat kommen.

De twadde gemeentlike gearkomste wie foar Dantumadiel. Ek dêr wie de opkomst bifredigjend.

Al yn de earste winter fan it bistean fan "De Fryske Skoalle", die it bliken, dat de foarljochting better ta har rjocht kaem op lytse gearkomsten (âlderjounen ensfh.) as op de greatere gemeentlike gearkomsten. Yn de parse bea "De Fryske Skoalle" dêrom syn tsjinsten oan, dêr't frij aerdich gebrûk fan makke is. In stikmannich sprekkers en de skathâlder giene der gauris in joun op út om yn alle hoeken fan Fryslân, almeast op lytse en middelgreate doarpen, de âlden fan de skoallebern yn to ljochtsjen oer de bitsjutting fan it twa-talich ûnderwiis foar har bern.

Op ûndersteande plakken binne gearkomsten hâlden, dêr't "De Fryske Skoalle" it programma fan organisearre:

<u>datum</u>	<u>plak</u>	<u>sprekker(s)</u>
25-11-'55	Drylts	P. Folkertsma en A. Kornelis
30-1-'56	Drachten	dr W. Kok en A. Pietersen
19-1-'56	Bûtenpost	A. Kornelis
29-2-'56	Feanwâlden	de hear Sinnema, de Pein
8-3-'56	Dantumadiel	M. J. de Haan en Kr. Boelens
9-3-'56	Eastermar	A. Pietersen
23-4-'56	Berltsu	Kr. Boelens
25-10-'56	Bitgum	Kr. Boelens
1-11-'56	Amsterdam	G. de Vries
14-11-'56	Hantumhuzen	Kr. Boelens
12-12-'56	de Jouwer	A. Kornelis
14-12-'56	Minnertsgea	Kr. Boelens
18-12-'56	Sweagerfean	dr W. Kok
30-1-'57	Wytmarsum (ûnderwizersgeark.)	Kr. Boelens
19-2-'57	Ljouwert	K. Elzinga
21-2-'57	Marrum	Kr. Boelens
7-3-'57	Delft	J. van der Kamp, Hilversum
9-4-'57	Hurdegaryp	Kr. Boelens

Boppedat hawwe inkelde fan boppeneamde sprekkers foarljochting joun op gearkomsten sûnder taljochting fan ús lûdbân en ús boekesamling.

De skriuwster fierde in drokke korrespondinsje mei forieningen en persoanen, dy't yrljochte wurde woene.

In foriening kin net bistean sûnder leden. Fuort nei de oprjochting roun it ledetal op oant likernôch hûndert. Yn de rin fan 1956 en 1957 kaem it tal leden op 239. Binammen de greate warberens fan it bistjûr fan it Boun fan Fryske selskippen om utens, it saneamde Bûtenboun, mei hjir mei tankberheit neamd wurde. Us foriening hat as gefolch dêr fan in nei forhâlding great persintage leden bûten Fryslân.

Mei't it bistjûr fan "De Fryske Skoalle" it as in needsaek fielde om yn ien kear in greate rounte to birikken mei syn foarljochting, skreaune yn'e maitiid fan 1956 de hearen Kr. Boelens, Frjentsjer, en de hear M. J. de Haan, Ljouwert, de brosjure "Twa-talich ûnderwiis foar de Fryske bern? Mei stipe fan de Provinsiale Underwysrie fan Fryslân en fan it Kristlik Frysk Selskip koe dizze brosjure yn in oplage fan 5000 exemplaren forskine. De brosjure waard forgees tastjûrd oan it kolleezje fan Deputearre Steaten, oan alle gemeenterieden, oan alle skoallebistjûren en oan alle haden fan legere skoallen yn Fryslân.

De brosjure wie to keap yn de boekhannels, alinne net yn in boekhannel yn Drylts, dêr't de eigner fan wegere in pear yn foarrie to nimmen. Op gearkomsten, bilein troch "De Fryske Skoalle" of dêr't de foriening it programma fan forsoarge, waerden brosjures forkocht, dat der binne nou in 3500 oan de man brocht.

Men mei oannimme, dat troch dit boekje it op de measte skoallen yn Fryslân net ûnbikend mear is, hwat de Leger-ûnderwiiswet sûnt 1955 oer it ûnderwiis yn it Frysk seit en hokker mooglikheden dêrmei iepene binne.

Ek yn it winterhealjier 1956-1957 hawwe deskundige sprekkers foarljochting jown op âlderjounen en oare gearkomsten, sa't út it earder neamde listke bliken docht.

Bûten Fryslân hat "De Fryske Skoalle" foarljochtingsgearkomsten forsoarge foar de krite fan it Bûtenboun yn Utert, foar it Frysk studinteselskip "Cygnus Resurgens" to Amsterdam en foar it Frysk studinteselskip to Delft.

It haedbistjûr fan it Bûtenboun hat frege oft ús foriening mear jounen forsoargje koe foar selskippen bûten Fryslân. It bistjûr wie fan miening, dat ús foriening mei dit to dwaen wurk oannimme soe, dat bûten de taek fan "De Fryske Skoalle" leit. It doel is nammers dêr foarljochting to jaen, dêr't de kâns bistiet, dat skoallen oergeane op twa-talich ûnderwiis, en dat is allinne yn Fryslân.

Yn desimber 1956 beaen Fryske studinten út Amsterdam oan om by wize fan proef Fryske lessen to jaen op guon legere skoallen yn de omkriten fan Frjentsjer yn oparbeidzjen mei "De Fryske Skoalle". Nei in bisprek mei de haedynspekteur en de ynspekteurs fan it leger ûnderwiis yn Fryslân joech de haedynspeksje tastimming ta it jaen fan sokke lessen. De hear Kr. Boelens stelde de lessen op en sa koe it barre, dat Frentsjerdielster skoallebern krekt foar de krystfakânsje les krigen fan dames en hearen studinten.

Alle bern, dy't de lessen bywennen, krigen de brosjure "Twa-talich ûnderwiis foar de Fryske bern?" mei nei hûs.

Mei't de gemeenteried fan Opsterlân bisletten hie om "by wize fan proef" ien fan de iepenbiere skoallen yn syn gemeente twa-talich to meitsjen, hat ús foriening it hiele winterhealjier 1956-1957 war dien om yn Opsterlân in gemeentlike gearkomste to bilizzen. Hoewol ien fan de bistjûrsleden goed tweintich bisiken ôflein hat by allerhanne ynstânsjes en persoanen yn dy gemeente, is dêr neat fan kommen. Dit fjet mei as foarbyld tsjinje fan de swierrichheden, dêr't it bistjûr mei to krijen hat. Der moat gauris hiel hwat ôfskreaun en ôfpraten wurde, ear't der resultaat komt, as it al komt.

Hoe't it ek kin, hat Hurdegaryp biwiisd. Dêr skreaune in stikman nich âlden fan skoallebern in gearkomste út en hja forsochten ús foriening it programma to forsoargjen. Dizze gearkomste wie samar foarinoar, omt dêr in pear lju wiene, dy't wisten hwat hja woene. De sprekkers, dy't de forroune twa winters nei alle hoeken fan Fryslân en sels nei Hollân ta west hawwe om oer it twa-talich ûnderwiis to sprekken, en ús skathâlder, dy't op frijwol alle gearkomsten mei ús lûdbânapparaet hearre litten hat, hoe't it ûnderwiis op in twa-talige skoalle sahwat om en ta giet, hawwe dat mei great animo en forgees dien. Har is it bistjûr oan ek tige tankber.

De sprekkers waerden rounom hoflik ûntfongen en freonlik oanharke en hja koene konstatareje, dat de harkers wier net op twa-talich ûnderwiis tsjin wiene. Namsto spitiger, dat it tal positive réaksjes gjin sprekken lije koe. Op in lyts tal âlderjounen forklearren de âlden har foar twa-talich ûnderwiis, mar op sokke plakken wiene gauris biswieren hwat de ûnderwizers en ûnderwizeressen oanbilanget. Frijhwat ûnderwiiskrêften binne net by steat of achtsje harsels net kapabel twa-talich ûnderwiis to jaen.

Oare skoallen, binammen dy op lytse plakken, sitte sa tangele mei it probleem hoe oan ûnderwiiskrêften to kommen, dat hja al bliid binne, dat der immen by har foar de klasse komme wol, ek al kin er gjin twa-talich ûnderwiis jaen. Fanwegen de krapte oan ûnderwizers kinne frij-hwat skoallen net folle easken stelle.

De dúdlike meidieling fan de haedynspekteur fan it leger ûnderwiis, ûnder hwaens ynspeksje Fryslân falt, dat de ûnderwiiskrêften oan de twa-talige skoallen yn de sin fan de wet-Cals net perfoarst yn it bisit hoege to wêzen fan de legere akte Frysk, hat al yn guon skoallen biswieren opheve, mar dêrmei binne net alle skoallen, dy't wol oergean woene op twa-talich ûnderwiis, holpen. De pensionearing yn de neije takomst fan in skoallehaed, kin bygelyks al reden wêze om de oergong op twa-talich ûnderwiis út to stellen, omt de lju earst witte wolle, hwa't syn opfolger wurdt.

Dit binne lykwols problemen, dy't bûten it terrein fan "De Fryske Skoalle" lizze. Us foriening jowt allinne yn- en foarljochting en hat dat de lêste twa jier nei bêste witten dien, sykjend en taestend nei de produktyfste methode om it Fryske folk op de hichte to bringen mei de neffens har ynsjoch bêste manear fan ûnderwiis jaen oan de famkes en jonges fan de legere skoallen yn Fryslân.

Dat dit krewearjen fuortdaliks resultaerje soe yn in floed fan twa-talige skoallen, sil nimmen forwachte hawwe, dy't hwat op't hichte is mei de tastannen yn Fryslân, mei de tofredenheit oer it âlde en bitroude ûnder it folk, mei it gebrek oan animo by party ûnderwizers en oanstearde ûnderwizers om stúdzjetiid to bisteegjen oan it heljen fan in Fryske akte.

Dochs hat it wurk fan "De Fryske Skoalle" yn de twa jier fan syn bisten net forgees west. In fiks tal minsken yn Fryslân wit nou hwat der op ûnderwiisgebiet yn Fryslân mooglik is. Yn guon plakken hawwe de âlden fan de skoallebern it skoallebistjûr of it gemeente-bistjûr frege, de skoalle, dêr't har bern op geane, twa-talich to meitsjen. Yn in pear fan dy plakken is dat ek oangien, yn oare plakken moatte earst ien of mear biswieren út'e wei romme wurde.

De foriening "De Fryske Skoalle" wit, dat hja noch mar in lyts bigjin makke hat mei de taek, dy't hja op har nommen hat, en dat har noch in soad wurk wachtet.

Omstannichheden yn de skoallen, dy't it twa-talich ûnderwiis opkeare, kin hja net foroarje. Hja kin wol njonkenlytsen hwat foroarje yn it tinken fan it Fryske folk oer syn skoallen. En hwa't hwat foroarje wol yn it tinken fan in folk mei him ré meitsje op in úthâldend arbeidzjen, leauwend dat sok arbeidzjen op 'en dûr resultaat hawwe sil, en om pas dêrnei to forwachtsjen, dat men, om mei de master fan Oere to sprekken, de dingen geande makket.

Dit wurk kin lykwols net dien wurde troch in pear bistjûrsleden en in stikmannich warbere leden allinne, sels net allinne troch in pear tige deskundige sprekkers en in lûdbânapparaet, lyk as oant nou ta bard is. Oan de oare kant binne wy ek net in soad kommisjes brek.

As der mar, leafst yn alle plakken yn Fryslân, in pear lju binne, dy't neitinke wolle oer it ûnderwiis oan de bern en dy't har der binammen yn jaen wolle op hokker wize de skoalle de bern it bêste ta lokkige, fikse bern meitsje kin, en dy't de skoalle to praet bringe wolle yn de rounten, dêr't hja yn forkeare, dan kin der yn sokke plakken moai gau in publike opiny ûntstean, dy't avensaesje set efter it stribjen nei twa-talich ûnderwiis foar alle fan hûs út Frysk pratende bern.

As alle leden fan ús foriening dizze lytse taek op har nimme wolle, geane wy hurder yn de goede rjochting as oant nou ta.